

## Les 7

### Programma les 7

1. It programma foar les 7 wurdt, lykas alle oare kearen, wer omparte as der wizigings yn oanbrocht binne. Underfinings opdien op de staaazjeplakken wurde útwiksele, praktykproblemen en praktykeksamen(s) besprutsen. Ynlevere of opstjoerde lesmatriksen en evaluaasjeformulieren wurde weromjûn en becommentariearre as dêr reden ta is.

Meinommen learmiddels en brûkbere boarnen foar it tarieden fan lessen of as eftergrûnmateriaal wurde op besjen lein en kinne ûnder de les op it aljemint komme. Dat jildt ek foar de 'list mei ôfspraken' fan de eksamenkommisje. Dy is bedoeld as ynformaasje oer de Afûk-eksamens, de easken dy't steld en de noarmen dy't oanlein wurde. De ôfspraken binne ornearre foar yntern gebrûk en wurde gauris bysteld!

As der (al) skôgings makke binne, wurde dy ynlevere en koart taljochte troch de skriuwer(s).

*Opdracht* (± 20 min.):

Foarmje groepkes fan 3 of 4 kursisten (wat oars gearstald as de foarige kears). Wikselje ûnderfinings út oer de staaazjepraktyk. Wat giet goed en wat minder goed? Besykje om oplossings te betinken foar wat minder goed giet. Presintearje de oplossings plenêr.

2. It fêststellen fan tiid en plak fan de 8<sup>ste</sup> teoryles.

3. De opdrachten (húswurk) foar de 7<sup>de</sup> les komme oan bar:

a. *Lesjaan*, hdst. 9 ('De praktyk') en 10 ('De Afûk') wurde (plenêr/klassikaal) besjoen op swierrichheden. Benammen de fragen op s. 162-165 moatte foar it teory-eksamen goed bestudearre wurde (selsstannich learen). It is oan te rieden om dy letter, as it wat minder bannich is mei de praktyk, yn duo's of trio's ris troch te nimmen (dat kin ek by ien thú!).

b. *Lesgeven*, hdst. 9 oer 'Leermiddelen', dat troch ien of twa kursisten op grûn fan in stikmannich fragen taret is (sjoch de foarige les), wurdt troch dy kursist(en) ynlaat en (as it nedich is) taljochte troch de lesjouwer. As der ynliedings fan de foarige les net goed ta harren rjocht kommen binne, dan besykje wy om dy no wol harren gerak te jaan.

c. Fragen en opmerkings oangeande de taalregels en it taaleigen fan de *sechste les* fan de *skriuwkursus* komme, as dêr ferlet fan is, (plenêr) op it aljemint. De opmerkings dêroer yn les 6 (oer *sekse* en *genus*) wurde dêrby behelle.

d. Fan de eftergrûnartikels oer *taalsoarch-* en *taalnoarmsaken* komt in artikel fan R. Straatsma, oer 'Nei in taalnoarm foar it Frysk' (1988), en ien fan S.T. Hiemstra, oer 'Noarm en standert' (1995), oan 'e oarder. Dêr kin, bygelyks oan de hân fan fragen út de foarige les, oer redendield wurde. De kursisten moatte de haadsaken oanjaan kinne en de ynhâld belûke kinne op harren lessen.

*Opdracht* (± 20 min.):

Foarmje duo's (leafst net altiten deselde) of ien trio (as dat sa útkomt) en bepraat de artikels fan Straatsma en Hiemstra, sa mooglik mei help fan de fragen út les 6. As guon learplansaken of artikels yn de foarige les te min omtinken krige hawwe, dan kin dêr no noch wat oan dien wurde. Plenêre ôfsluting.

*Opdracht* (± 10 min.):

Foarmje groepkes fan fjouwer (eventueel fan trije as dat better útkomt) oan de hân fan kaartsjes yn ferskillende kleuren. Sykje út it *A-boek* of it lesboek dat brûkt wurdt foar net-Frysktaligen (bgl. NF-1, Jelle Bangma: *Wolkom! Kursus Frysk ferstean en lêzen* [+ *hantlieding* + twa cd's mei *harkteksten* by de 10 lessen]; NF2, Nynke de Vries: *Praat mar ta! Kursus Frysk praten* [+ *Hantlieding* en '*Wurdskat*'); NF-1 en NF-2, *Mei faasje. Yntinsive kursus Frysk ferstean, lêzen en praten* [+ *hantlieding* en '*Wurdskat*' + 2 cd's mei *harkteksten* by de earste 10 'Wolkom'-lessen]; Rienk de Haan, *Fries voor zelfstudie* [Utrecht/Ljouwert: Prisma/Afûk, 2006, 20 lessen, 'Prisma taaltraining', ynkl. 2 audio-cd's]) leskes/opjeften dêr't jo/jimme oan ta binne. Besykje om wurkfoarmen/learaktiviteiten te betinken dy't in foarm fan selsstannich èn (tagelyk) gearwurkjend learen stypje en dêr't de lesjouwer dus minder stjoerend lesjaan hoecht.

*Opmerking:*

Der is ek in cd-rom ‘Basiscursus Fries’ (Afûk, 2006; yn 2006: €25,00), ornearre foar net-Frysktaligen. Yn 10 lessen wurde de grûnbegjinsels fan de Fryske taal behannele. Njonken de ‘Prisma taaltrening’ (sjoch boppe; yn 2006: €29,50) mei in dûbel-cd mei teksten, foarmet de cd-rom it twadde *selsstúdzjepakket* foar net-Frysktaligen dat yn de boekhannels te keap is. Fan de cd’s by beide metoaden kin in skôging makke wurde foar it eksamen-dossier. Yn 2006 wie ek de start fan it projekt *eduFrysk*, in digitale learwei fan de Afûk (klik ek ris oan: [www.afuk.nl](http://www.afuk.nl)).

*Taljochting:*

Yn de foarige les hawwe wy opmurken dat der gjin tsjinstelling makke wurde moat tusken *klassikaal* en *selsstannich wurkjen* of *learen*. By it neistribjen fan (mear) selsstannich wurkjen en learen fan ús kursisten, moat der faak mear en langer neitocht (reflektearre) wurde. Refleksje is de motor fan alle ûntwikkeling (fan jinsels en oaren), dus ek fan de ûntwikkeling op it mêd fan it Frysk. Wol der ûntwikkeling ta stân komme, dan moat der altiten in brêge slein (of in ferbining makke) wurde tusken de kennis dy’t de kursist(en) al hat (hawwe) (begjinsituasje) en nije kennis (learstof): dy beide moatte sa goed mooglik oaninoar keppele wurde. Dat freget om ôftaasten en neitinken. Dan kin goed ûnderwiis ûntstean. De lesjouwer is dêr faak fan beskiedende betsjutting by. As de kursist lykwols sels by steat is en lis de ferbining tusken de al besteande, eigen kennis en nije kennis, dan is dat selsstannich learen. Dat kin yn ferskillende graden it gefal wêze: fan amper oant (hast) hielendal selsstannich.

De folgjende *gradaasjes* yn selswurksomens wurde wol ûnderskaat:

a. *selsstannich wurkjen*

By selsstannich wurkjen beskiedt de lesjouwer wat der dien wurde moat (de taak) en hoe’t dat bart. It is de bedoeling dat de kursisten, stjoerd troch de lesjouwer, de taken útfiere. De lesjouwer hâldt dus de learfunksjes strak yn ’e hân.

b. *selsstannich gearwurkjen*

By selsstannich gearwurkjen feroaret oangeande it boppesteande (ûnder a) winliken neat. It feit dat kursisten gearwurkje moatte, makket it allinnich wat yngewikkelder.

c. *selsstannich learen*

By selsstannich learen besiket de lesjouwer om de soarch foar beskate learfunksjes út te besteegjen oan de kursisten. It is dúdlik dat soks slimmer is as selsstannich wurkjen. Foar lesjouwers is dat ek net maklik. Al wie it mar omdat se faak yn noed sitte oft it wol goed komt en dan mar beslute om de learfunksjes sels te stjoeren.

d. *selsferantwurdlik learen*

De lesjouwer jout globaal oan wat it eindoel is en lit it fierdersoan oan de kursisten oer om fêst te stellen hoe’t se dat it bêste berikke kinne. Mei oare wurden: de lesjouwer besteget de soarch foar alle learfunksjes fierhinne út oan alle kursisten.

*Opdracht:*

Gean út en troch ris nei hokfoar *gradaasje(s)* fan selswurksomens oft ta utering komt/komme yn it programma foar it didaktysk foech en/of yn in leargong foar A of NF.

**Opdrachten (húswurk) foar les 8**

1. *Lesgeven*, haadstik 10 oer ‘Evaluatie’ (s. 306-385), wurdt oer dizze en de kommende les ferdield. It is in wichtich haadstik, want út it hifkjen fan kursisten moat bliken dwaan oft se genôch kennis en feardichheden op itt mêd fan it Frysk opdien hawwe. It is de lêste didaktyske komponint. Besjoch it skema op s. 306. Ien of twa kursisten riede de fragen en opdrachten by de s. 310-332 ta.

*Fragen en opdrachten* (fan belang foar takomstige Afûk-lesjouwers) (s. 310- 332):

- Hokfoar fjouwer aspekten binne te ûnderskieden oan it evaluatearjen, hifkjen of beoardieljen fan learprestaasjes? (par. 10.2)
- Wat binne de twa wichtichste kwaliteitseasken dy’t oan it ‘mjitten’ fan toets- of eksamenprestaasjes te stellen binne? (par. 10.2)
- Wat is it wichtichste punt by it normearjen? (par. 10.2)
- Wat wurdt bedoeld mei *relatyf* en *absolút* normearjen? (par. 10.2)
- Wêr moat in lesjouwer of eksamenkommisje syn beslissings op basearje? (par. 10.2)
- Wat wurdt bedoeld mei *formative* evaluaasje? Hoe wolle jo dy yn jo lessen in plak jaan? (par. 10.3)
- Wat tinkt jo fan it gearstallen fan *formative selstoetsen* (mei weromkeppelingsynformaasje) foar Afûk-leargongen? (par. 10.3)
- Wat wurdt bedoeld mei *selektive* of *summative* beoardieling? (par. 10.3)

- i. Wat wurdt bedoeld mei de *faliditeit* fan in evaluaasjemiddel? Wat moat in falide evaluaasjemiddel represintearje? (par. 10.5.1)
- j. Op hokfoar twa aspekten slacht *faliditeit*? (par. 10.5.1)
- k. Wat wurdt bedoeld mei *foarmfaliditeit*? Ljochtsje dat mei foarbylden ta. (par. 10.5.1)
- l. Wat wurdt bedoeld mei *ynhâldsfaliditeit*? Ljochtsje dat dúdlik ta. (par. 10.5.1)
- m. Wat wurdt bedoeld mei de *betrouberens* fan in evaluaasjemiddel? Ljochtsje dat sa folslein mooglik ta. (par. 10.5.2)
- n. Wat binne de beide wichtichste *betrouberensferleegjende* faktors yn toetsen. Wat betsjut dat bygelyks foar in Afûk-eksamenkommisje? (par. 10.5.2)
- o. Wannear nimt de betrouberens fan toetsings ta? (par. 10.5.2)
- p. Wêr moat it ôfnimmen fan in toets- of eksamensituaasje oan foldwaan? (par. 10.5.2)
- q. Hokfoar opfettings, gewoanten en wurkwiizen fan beoardielers ferleegje de *objektiviteit* fan beoardielings? Neam de wichtichste *beoardielerseffekten* en ljochtsje elts effekt sa dúdlik mooglik ta. (par. 10.5.2.1)
- r. Wêr wolle jo om tinke as jo betrouber evaluearje wolle by bgl. Afûk-eksamens? Neam ferskillende maatregels dy't de betrouberens fan it mjitten fan learprestaasje ferheegje. (par. 10.5.2.2)
- s. Wêrom is *betrouberens* in needsaaklik betingst foar de *faliditeit* fan in evaluaasjemiddel? (par. 10.5.2.2)
- t. Wêrom is in *hege betrouberens* fan in toets of eksamen gjin garânsje foar faliditeit? Kinne jo in foarbyld betinke dat relevant is foar de Afûk-situaasje? (par. 10.5.2.2)

2. *Bydragen ta de didaktyk [...]*, hdst. 4 oer 'Ynterferinsjes' wurdt globaal trochnommen. De siden 23 o/m 41 wurde troch ien of twa kursisten ynlaet, it iene part giet benammen oer *tiidwurden* (par. 4.0 o/m 4.1.1) en it oare oer *foarnamwurden* en *oansprekfoarmen* (par. 4.2 o/m 4.4). De parten kinne behannele wurde oan de hân fan de fragen yn *Lesjaan* (op s. 98-99, opdracht par. 6.17, de fragen a o/m l, en s. 109, opdracht par. 7.7, de fragen a o/m f). De (takomstige) lesjouwer moat besykje om dy ynslûpsels sels net te meitsjen (tink om 'hun'!), dy op te merken by syn/har eigen kursisten en der yn syn/har praktyklessen op in didaktysk ferantwurde wize mei om te springen. Sjoch oer *foarnamwurden* en *ynterferinsjes* ek les 7 en 8 fan de *skriuwkursus*.

3. Lês foar de 8<sup>ste</sup> les de twa folgjende artikels troch en meitsje oantekens of in koarte gearfetting:
- a. A. Feitsma, 'Frysofoby of frysismen yn it Frysk' (1990/1991) (sjoch ek *les 2* fan de *skriuwkursus*);
  - b. R. Straatsma, 'Op 'e râne fan it ûnderwiis: it wurk fan de A.F.U.K' (1987).

Ealgje de *fonologyske* stavering, dy't Feitsma gauris brûkte. Dy jout de útspraak fan it Frysk goed wer en dat is ek in foarm fan 'taalbehâld'. Foar gâns lju, benammen net-Frysktaligen, soe dy in goede stipe jaan by de (oan te learen) útspraak. De besteande offisjele stavering jout dêr te min stipe foar en kin mei de oarsaak wêze fan it 'behurdzjen' fan útspraakflaters. It is fan belang kennis te hawwen fan Feitsma har skriuwwize en opfettings oangeande taalsoarch en taalnoarm.

*Fragen en opdrachten:*

- a. Besykje it haadstik oer 'hollandofoby' fan D. Tamminga ris te besetten (sjoch D.A. Tamminga, *Op 'e taelhelling, I; Losse trochsneden fan Frysk taellibben*, Boalsert: Osinga, 1963, hdst. 11, s. 23-26). Lês dat ris troch.
- b. Wat tinkt jo fan it oardiel fan Feitsma oer dy 'Tamminga-trend'?
- c. Wat bedoelt Feitsma mei it *tsjinoerstelde* begryp 'frisofoby'?
- c. Wat betsjutte har opfettings foar jo eigen taalgebrûk en lesjaan?

It artikel fan Straatsma jout yn grutte halen in stikje skiednis fan de Fryske leargongen (bûten it reguliere ûnderwiis) en de learmiddels dy't dêr wol by brûkt waarden (sjoch as it kin ek Straatsma syn haadstik oer 'Fryske foarming bûten skoalleferbân' yn *Twataligens* (1981, hdst. 29, s. 170-175).

*Taljochting:*

Yn it begjin fan de 20<sup>ste</sup> ieu is it jaan fan Fryske les begûn as aktiviteit fan it 'Ald Selskip' (ek wol 'Selskip 1844' neamd; de eigentlike namme is: *Selskip foar Fryske Taal en Skriftekennisse*). In ûnderwiiskommisje fan dat selskip stelde yn 1911 in Fryske akte yn. Fjouwer jier letter slagget de earste kandidaat en oant en mei 1924 wurde der tweintich akten útrikt.

Yn 1925 wurdt de AFUK oprjochte troch de nijere selskippen. Dy 'ûnderrjochtkommisje' nimt de akte-oplieding oer. Fan 1925-1956 fersoarget de Afûk de opliding ta de Fryske akte. As yn 1955 troch it Ryk de akte Frysk L.U. ynsteld wurdt, dogge ûnderwizers en oaren dy't dêrta talitten wurde kinne, eksamen foar dy offisjele L.U.-akte. Sûnt 1956 dogge ornaris allinnich minsken dy't net talitten wurde kinne ta it L.U.-akte-eksamen, eksamen

foar de AFUK-akte. Dat binne jierrenlang mar inkelingen, mar as it tal Afûk-kursussen wer tanimt, komme der ek wer mear gadingmakers foar de AFUK-akte.

Oan 1974 ta jout dy sûnder mear foech ta it jaan fan Afûk-kursussen. Dêrnei wurdt der in *apart lesjouwersfoech* ynsteld en ûntwikkelet him sa njonkelytsen in oplieding foar it didaktysk foech mei praktykeksamens en in teory-eksamen (sjoch ek it foaropwurd fan *Lesjaan* fan S.T. Hiemstra).

Yn it earstoan fersoarget de Afûk ek noch de oplieding ta de L.U.-akte, mar dy giet yn it lêst fan de sechstiger jierren oer nei de Pedagogyske Akademys (de kosten binne dan hielendal foar rekken foar it Ryk). De ferskillen tusken beide akten binne yn it begjin net grut (de L.U.-akte hat in oersetting F-N en de Afûk in taaleigenopjefte). Nei 1978 wurde de ferskillen tusken de L.U.-akte en de AFUK-akte grutter, omdat de skiednis fan Fryslân, twataligens en tekstferklearring eksamenûnderdielen wurde en it praktysk taalgebrûk fan de kandidaten ek beoardiele wurdt. 1989 is it lêste jier dat de Afûk noch in kursus fersoarget foar it L.U.-foech (de Pedagogyske Akademys organisearje dan al gjin kursus mear foar dat foech). Alle treddegraadsfoegen (en L.U.-Frysk is sa'n foech) ferdwine nei dat jier; der bliuwe allinnich noch opliedings foar in twadde- en earstegraadsfoech oer (te ferlykjen mei de eardere akten Frysk MU-A en -B).

As it L.U.-foech ferdwûn is, giet de Afûk troch om lesjouwers foar de 'eigen' Afûk-kursussen op te lieden. Dy takomstige lesjouwers moatte sûnt 1974 earst de 'AFUK-akt' helje en meie dan de oplieding foar it didaktysk foech fan de Afûk folgje om in (diplomearre) lesjower wurde te kinnen.

It Ald Selskip fersoarget bûten skoaltiid fan 1907-1928 kursussen Frysk foar (skoal)bern. Fan 1928-1937 docht de Afûk dat. As de wet Slotemaker de Bruïne it yn 1937 mooglik makket en jou it Frysk ûnder skoaltiid, dan liket in wichtige taak fan de Afûk oerstallich te wurden. Sûnt 1938/'39 skeakelet dy dan oer op it organisearjen fan (mûnlinge) kursussen foar folwoeksenen, de saneamde *folk-* en *gealeargongen* (foar Frysktaligen; yn it earstoan benammen rjochte op taal en stavering). Yn de oarlochsjierrren 1943-1944 binne der 90 kursussen mei sa'n 1600 kursisten! Letter binne dat A- en B-leargongen wurden.

Yn de oarlochsjierrren rjochtsje D. Nieuwenhuis en E. Wyga in nij, partikulier ynstitút op: *Ynstitút Fryslân*. Dat soarget fan 1943 oant 1970 (tusken 1952/'53-1970 ûnder lieding fan T. Beintema) foar de *skriftlike* kursussen en foar de *eksamens* foar de Fryslân-diploma's A en B. Dy eksamens steane allinnich ûnder *tafersjoch* fan de Afûk. As dat Ynstitút Fryslân as partikulier ûndernimmen net mear bestean kin, wurdt it yn **1970** troch de Afûk oernommen. Yn dat jier komme oplieding en eksamens *dus yn ien hân*, dy fan de Afûk. De Afûk stelt dan fuortendaliks in nij diploma yn njonken de besteande diploma's, nammentlik it *Fryslân-diploma foar net-Frysktaligen*.

Hjoed de dei kinne de Afûk-opliedings foar B, C en de Akte net mear los faninoar sjoen en helle wurde: wa't de Akte helje wol, moat ek B en C dien hawwe of (ôfhinklik fan in oare foaroplieding) de eigen 'tekoarten', ferlike mei de programma's foar dy leargongen, earst oansuverje. De eksamenkommisje makket dan in *ynpassingsregeling*.

Der sit in beskate opbou yn de leargongen foar A, B, C en de Akte. Underskate ûnderdielen binne opsplitst en nei opbou en swierte ferdielt oer de kursussen, bgl. stavering, tiidwurden, taaleigen en ynterferinsjes, skiednis, twataligens, taalsosjology, skriftekennisse en taalkunde (sjoch *Ynformaasje foar lesjouwers*).

Foar de Afûk-eksamens is 1991 it jier fan de fúzje fan de beide eksamenkommisjes, de *Eksamenkommisje foar de Fryslân-diploma's* en de *Eksamenkommisje foar de AFUK-akte*, ta ien eksamenkommisje. Beide kommises bestiene sûnt 1970 yn Afûk-ferbân njonkeninoar. De oanlieding is it plak fan it nije C-eksamen, dat eins sawol in fuortsetting is fan it (diel)eksamen oan 'e ein fan it earste jier fan de Akte-oplieding (dy't op dat stuit twa jier is) as ek in ferfolch op it B-eksamen. Der komt in nij eksamenreglemint, dat yn it plak komt fan dy foar de Fryslân-diploma's en dy foar de AFUK-akte. Der wurdt dan ek in diploma *Frysk yn it Offisjele Ferkear* ynsteld foar (benammen) amtners dy't de ûnderdielen literatuer en skiednis fan de B- en C-leargong net folgje, omdat dy net by harren doelstelling passe, wylst de oare ûnderdielen ek wat oare aksinten krije as by B en C.

4. Lês fan de *Kursus Frysk skriuwen* Les 7 troch. De klam leit diskear op it brûken fan de skiedbere en ûnskiedbere tiidwurden en de ynfloed dy't it Hollânsk op it (ferkeard) brûken dêrfan hawwe kin (par. 7.2.2 o/m 7.2.4), de namfallen yn it Frysk (par. 7.3.1) en de foarnamwurden en ynterferinsjes (par. 7.3.4). De lêste paragraaf slút oan by opdracht 1 (*Bydragen ta de didaktyk [...]*, par. 4.2 o/m 4.4). By *griemman* (par 7.3.8) moat it (goed) brûken fan *telâne*, *terjochte* en *teplak* achtslein wurde en it ûnrjochtlik brûken fan *terjocht(e)* en *te'n*

*ûnrjochte*. Syntaktyske ynterferinsjes op it mêd fan de *foarnamwurdlike bywurden* fertsjinje sa njonkelytsen mear omtinken: *Set it \*net dêrop!* (par. 7.3.9.)

5. Meitsje ien of twa *skôgings* fan lês- of lesboeken dy't te brûken binne by *Leargong A*. Fansels kin ien fan de skôgings ek gean oer in audio- en/of fisueel ûnderwiislearmiddel (der is in oersjoch fan Fryske cd's, wylst yn it *Ynformaasjeboekje foar lesjouwers* in oersjoch opnommen is fan audiofisuele helpmiddels (cd's, fideo's, kassetten, dia's) dy't by de Afûk-boekwinkel reservearre en liend wurde kinne (de lientiid is fjirtsjin dagen [twa wiken is hjir in ynterferinsje!] en kostet neat). Fia de *Stifting It Fryske Boek* kin men yn sprutsen Fryske boeken besette (*It Sprutsen Frysk Boek*). Tink ek nochris nei oer de kar fan in geakunde of gritenijskiednis fan de krite dêr't jo mooglik aanst lesjouwer wurde kinne.

### **Boarnen: lêsboeken**

Der kin in reden wêze om yn in kursus in lêsboek (bgl. fiksje) te brûken foar it lûdop of begripend en studearjend lêzen (bgl. foar de útspraak of it taaleigen). In stikmannich fan dy ferhalebarnen binne:

- Bosma-Banning, A. en G. de Vries (red.), *Maskelyn. Karlêzing foar it fuortset ûnderwiis*. Ljouwert: Afûk, 1977 (3<sup>de</sup> pr.).
- Riemersma, A. en W. Wellinga, *Hofkesjonge. Blomlêzing foar it fuortset ûnderwiis*. Ljouwert: Afûk, 1984.
- Jelsma, G. en A. Riemersma (red.), *Skroei. Bondel oarspronklike jongereinferhalen*. Afûk: Ljouwert: 1987.
- Bloem, J., Gj. Jelsma, H. Kloosterman, W. Melessen-Knol en Tsj. Veenstra (red.), *Broei. Bondel oarspronklike ferhalen (12 o/m 14 jier)*. Ljouwert: Afûk., 1991.
- Bergema, E, J. Bloem, T. Dykstra, Gj. Jelsma en Tsj. Veenstra (red.), *Neibroei. Oarspronklike jongereinferhalen*. Afûk: Ljouwert, 1999.
- Jongasma, J. en Tsj. Veenstra (red.), *Ut 'e bân. Romanfragminten út it tiidrek 1965-1990*. Ljouwert: Afûk, 1992 (gaadlik foar it nivo fan in A-kursus).
- Bylsma, J.J. en Y. Poortinga (red.), *De koarte kriem. Ferhalen fan nei '45*. Ljouwert: Afûk, 1979 (4<sup>de</sup> pr.; gaadlik foar it nivo fan in A-kursus).
- Poortinga, Y. (red.), *Mei lange trêden. Ferhalen út de Fryske literatuer*. Ljouwert: Afûk, 1988 (omstaveren en bekoarte werprintinge fan de earste útjefte út 1974; blomlêzing fan de Fryske literatuer fan foar 1945 mei priuwkes fan de 17 wichtichste skriuwers út it Nijfryske tiidrek; gaadlik foar it nivo fan in B-kursus).

Fierders is in printsjewurdboek ek gaadlik foar net-Frysktaligen mei in bytsje wurdkennisse fan it Frysk:

- Amery, H. (yn de oersetting fan Sytze T. Hiemstra), *Tûzen wurden. In printsjewurdboek*. Ljouwert: Afûk, 1998 (3<sup>de</sup> pr.).

Besjoch de boppeneamde literêre boarnen ris en folje dy oan mei oare boarnen dy't jo ek gaadlik achtsje foar in kursus dy't jo jouwe of jaan wolle.